

S.D.S. dat is foar my de fuotbalklub
S.D.S. dy sit wer yn de running up
S.D.S. makket tretjen doarpen ien
en hy stiet far my al jierren 2x 3x 4x kreet
nummer ien yn de top tsien rom pom pom rom

1 we begjinne mei de F 'kes
mantsjes fan in jier of seis
se binne sneon te moarn
al wer betiid op reis
se fuotbalje yn Easterein
yn Koudum of Snits
en ien ding bist wis fan
der is nooit ien dy't mist
foar heit en mem it drégst dy moatte ek betiid
en oars dan krye se oer de kop een heel ferfelend liit

2. de 35+ fuotbalje far de gein
se sizze tsjin de frou
dat spultsje is sa fijn
freed to jun betiid
gean se al in de rést
gjin leven yn te krijen
al docht se noch sa har bést
mar seon te middie, binne se wakker foel
dan wol dy mannen wol sjitte
op it oare doel

3. de mannen fan it fjirde
mei Douwe oan it haed
dy binne sneon te middei
ik altiid wer paraat
se fuotbalje as wilden
wolle wurde kampioenen
en yn de tredde helte
binne se ik aardich sun
se lapje earst in tientje
en dan noch ris fiif
want it gliid sal lekker del
falt heerlyk yn it liif

4. de A junioren
is tige ungelyk
soms spilje se prachtig
en dan wer ha se'e briek
mei trye nul foar
dan tinkst dit is klear
mar dan doche de feinten
de twadde helt neat mear

en gean se dom ferliezen
hat de skiedsrochter it dien
en oars dan is de grinsrochter
op de oare kant gemien

5. De lieding fan it twadde
hat it tongersdei te jun dreech
want soms dan rint it earste
sa mar wer ris leach
Freddy levert oan Klaas Dykstra
dan wer in man as fiif
en hat dan sneon te middeis
oer syn eigen ploech pyn in it liif
mar is it spul dan los
en rint it wer goed
levert Freddy sy pet yn
foar in kampioens hoed

6. it tredde en it earste
dy binne wat apart
en de B junioren
dy dogge it wat knap
de C de D de E
der komt de takomst wei
der spilje soms de paken en beppes ek yn mei
en alle elftallen sa mei elkoar
dy sitte op it heden
op it goede spoor